

Tin iis

© 2014 Erven Tiny Mulder

Sechste printing

Ferskynd yn de rige ‘Nije biblioteek’, in mienskiplik projekt fan TDE:
Tresoar, Frysk Histoarysk en Letterkundich Sintrum
Digitale Bibliotheek voor de Nederlandse Letteren
Utjouwerij Elikser

Dizze útjefte is in yntegrale werútjefte fan de twadde printing, ferskynd
yn 1986 by De Tille B.V. te Ljouwert.

Omslachûntwerp: Richard Bos

Utjefte is mei mooglik makke troch subsydzje fan de Provincje Fryslân
yn it ramt fan it projekt TDE-Edukatyf en de realisaasje fan de ófdieling
Frysk op lezenvoordelijst.nl.

ISBN : 978 90 8954 687 6

NUR : 301

Tin iis is opnommen yn de digitale biblioteek fan DBNL, sjoch dbnl.org

Eksimplaren binne te bestellen op
elikser.nl
dbnl.org
of by de boekhannel

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, oplein yn in automatisearre
gegevensbestân en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy,
mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, súnder foarófgeande skriftlike tastimming
fan Tresoar, DBNL, Utjouwerij Elikser B.V. of de rjochthawwers.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other
means, without written permission from the publisher.

Tiny Mulder

Tin iis



NIJE BIBLIOTEEK

*Ta in oantinken oan ús mem
Akke Salverda (1895-1963)
en ús heit
Jan Mulder (1894-1967)*

I

‘As wy der no ris in bern by kriegen,’ sei heit. Dat wie gjin fraach, it wie in meidieling. Wy seagen dus ús mem oan. Se kleurde as in roas en lake ferlegen: ‘Eh nee, ju.’

‘No wa dan, wat dan, hoe dan!’ rôp Jan, ús jongste, njoggen, altyd de mûle yn beide hanner.

‘It wurdt in famke en fierder witte wy allinne it hoe, net wa of wat,’ sei mem. ‘Fertel do it mar, Dineke.’

Mar Jan sei fuort: ‘It giet net troch. Twa sisters is my genôch.’

Dineke, ús âldste, sette de earmtakken tusken de smoarge itensbuordsjes op tafel en sei: ‘ ’t Is in joadsk famke. Se sil in jier as njoggen wêze, is my ferteld.’

‘Oôôôh!’ It kaam my samar út de mûle wei. As ik der no noch oan tink, dan kin ik presiis neifiele, hoe kjel ik waard: men sykhellet net mear en de teannen steane krampich yn de skuon.

Joaden moatte ommers fuort, nei Poalen. Joaden dy’t hjir noch binne, meie nearne yn. Se moatte in giele stjer fan katoen op de jas ha. ‘Jood’ stiet der yn swarte letters op.

De earste kear, dat ik kjel waard om de joaden, wie yn it Hermesparkje. Dêr stiene ynienen by beide yngongen nije buordsjes. ‘Verboden voor Joden’ stie derop. En doe’t ik de buorren troch rûn om boadskippen foar mem, seach ik sokke buordsjes ek by de bioskoop, by hotel De Engel, by de gymnastykseale en it swimbad. Ik koe wol spuie.

Stel dy no ris foar, dat ik net berne wie by Harm en Jikke Jagersma, mar yn de Tramstrijtte by bakker Ol-

denburger en ik hie Eva hjitten lyk as Evy Oldenburger. Dan hie ik mei myn kammeraatskes Jopy en Hinke nei it Hermesparkje gien op in woansdeitemiddei, alhiel sûnder erch.

Jopy en Hinke hiene my ophelle fan hûs: ‘Giest mei, Evy?’

‘Wêrhinne?’

‘Boartsje yn it parkje.’

‘Joehoe. Mem, mei ik . . .’

‘Ja, toemar, mar om healwei seizen thús.’

‘Joehoe!’

Wy rinne mei ús trijen nei it parkje en wy sille troch it stek der yn. Jopy ropt: ‘Hé! Wat stiet dêr op dat buordsje!’

‘Verboden voor Joden’, lêst Hinke neidruklik foar. En se sjogge nei my en sizze sêft ‘oôôôh’ mei rûne bekjes en eagen. Ik wurd bang. En mislik. Ik moat spuie en nei heit en mem ta drave, my opsolute op it hûske, it heakje derop. Gjin park, gjin swimbad, gjin gym, gjin skoallefeest.

Fierder koe ik net tinke en ik kin it my noch net yntinke, hoe’t Evy har field hat. Ik hie like swart hier as sy en like brune eagen. As ik Evy op strijtte seach mei dat boaze each fan dy joadestjer op har mantel, dan skamme ik my. Op skoalle woene wy allegearre sa ferskriklike aardich wêze foar Evy, dat it net aardich mear wie.

Op in dei is Evy net op skoalle. Se komt ek net wer, fortelt menear Bos. Hy hat der in hiel ferhaal by, mar wy begripe net wat er bedoelt. Hy praat wol, mar seit neat. Net ien wit, wêr’t Evy is.

Yn Poalen, waard der letter sein, yn in wurkkamp. Dêr wisten wy thús al fan. Mefrou Goudman hie mem der oer ferteld. Mem gie altemets efkes nei mefrou Goudman ta. ‘Se is sa allinne, no’t al har bern en beppesizzers nei Poalen ta binne,’ sei mem.

Earst hie mefrou Goudman wolris nijs oer de bern: brievekaarten út it kamp Westerbork en letter út Poalen.

‘Wy moatte hjur hurd arbeidzje, mar ’t falt net ôf,’ hie Jaap skreaun, en Essy stjoerde in brievekaart mei: ‘Omke Bram en muoike Else ha wy hjur ek al troffen. Ek tafallich!’

‘En dan seit mefrou Goudman yn it skoftsje, dat ik by har bin,’ sei mem, ‘wol fiif kear: It binne sûne en fikse bern, de beppesizzers ek, en hurd arbeidzje is it slimste net.’

Letter hearde se neat mear út Poalen. ‘Ach, ’t is oar-loch,’ hie mem tsjin har sein, ‘dan is der wolris wat mei de post.’ En mefrou Goudman ornearre, yn ’e simmer moasten se fansels ekstra hurd wurkje, dan kamen se net oan skriuwen ta en dat wie it slimste ek net.

Ik fûn it raar. As ik yn Poalen siet, soe ik heit en mem fêst alle wiken in kaart stjoere. As ik ynein wie en gjin nijs hie, soe’k der yn elk gefal efkes foar sitten gean en skriuwe: ‘Hoe is ’t mei heit en mem, Dineke en Jan? Mei my giet it bêst. Tút, Klaske.’ Dat kinst wol skriuwe ek al bist noch sa wurch.

Om mislik fan te wurden; mefrou Goudman sei net wat se bedoelde, mem sei tsjin har net wat se tocht, mem sei tsjin ús net wat se fermoede, wy seine net ‘raar’ of ‘eigenaardich’. Mefrou Goudman en wy boarten wei-krûperke út binaudens. Wat der krekt geande wie yn Poalen, wist ik net, mar dy stilte! Dat aardige kreaze joadsje Jaap Goudman, dy’t ik wolris temûk neiseach, sa fleurich mei syn swarte kroltsjes rûch om ’e kop en dat dandy-jaske fan him, strak tailleard. Wêrom skreau er syn mem net in kaart?

Wy soene der in famke by krije. In joadsk famke. En wy mochten der mei net ien oer prate.

‘Hielendal net ien!’ drige Dineke en se sette der boaze eagen by op.

‘Pake en beppe wol,’ sei Jan.

‘Pake en beppe hielendal net!’ Mem gie der by stean om ús dat goed oan te sizzen. Har eagen stiene as zwarte knikkerts únder har hege glêde foarholle.

‘Wêrom net?’ woe Jan witte, want dy leaude noait samar wat.

‘Omdat dat bern hjur net wêze sei. Hjur net, by harheit en mem net, net iens yn dit lân. Se moat fan de Moffen nei Poalen. Mar dêr giet se net hinne. Se moat ferburgen wurde. By ús,’ sei heit en wat seach er der earnstich by. En driigjend, heit ek al.

‘O, dêrom lies heit jûn fêst dat stikje oer de barmherige Samaritaan út de Bibel foar,’ flapte Jan der út.

‘Begrepen,’ knikte heit.

‘Hoe moat it allegearre,’ hearde ik mem by harsels mompeljen ûnder it gerattel fan boarden en kopkeboel, dy’t se fan tafel opfandele.

Nei’t mem it ljocht op myn sliepkeamer útdien hie, gie ik der ôf en helle it swarte papieren fertsjusteringsgerdyn foar it rût in einstje op. It wie noch net earlik nacht. Ik skode it rût in eintsje op. It roek nei dampe grûn en daljes, de langliddige tûken fan de populieren swaaiden nei it skytsje moanne as âlde kunde yn it nachtlibben en de freonlike wyn fage my de gleone foarholle. Soe Evy yn Poalen no nei deselde moanne sjen, soe se ynein wêze fan wat wark se dêr ek mar dwaan moast? ‘Bern moatte dêr likegoed arbeidzje as grutte minsken, mar dat is it slimste net’; wer sa’n útspraak fan mefrou Goudman.

Hoe moast it mei it nije suske? Pake en beppe, kinne dy hjur net mear komme en hoe hâldst harren hjurwei? Wat moat ik sizze tsjin Jopy en Hinke?

‘Verboden voor Joden, vreselijke noden’, rime ik en ik sei it yn mysels hieltiten op, fluch, stadich, moai op toan, flak, boas, bang, tsjin mysels, tsjin it skytsje moanne en in nije stjer, tsjin Jezus.

Dat suske kin wol by my sliepe yn dit brede bêd. Soe se bang wêze? Fêst.

Noch banger as ik. Leave Hear, wêrom moat it sa? Begripe grutte minsken der wat fan? Ikke net.

II

‘Klaske!’ rôp mem fan boppe doe’t ik út skoalle kaam. Se wie op myn keammerke aan it heisterjen. Op ‘e oerloop seach ik al, dat sy myn bêd op ‘e kop hie. Tekkens dangelen oer de stoel, lekkens en sloop leine op in bult by it trepsgat. Se sjoude mei twa kessens om. De doar fan myn kast stie wiid iepen.

‘Se kin it bêste by dy sliepe. Gjin beswier?’

‘Nee. Dat hie ’k sels ek al tocht. Is se ek net sa allinne.’

‘Moai. Ik haw al in ekstra kessen fan it útfanhûzersbêd helle. Asto no dyn klean sa ophingeste, dat der romte is foar har klean, en do makkest ek wat romte op ‘e planken.’

‘Har. Hoe soe se h jitte?’ sei ik.

‘Gjin idee.’

‘Rachel of Léa of Ruth.’

‘Esther of Sara of Rebecca,’ folle mem aan en se sei der fuort efteroan:

‘Dat kin net. Dan neame wy har mar Afke, nei muoike.’

Ik steapele myn himden en broekjes. Stel, dat ik ynienen gjin Klaske mear h jitte mocht en dat frjemde minsken my samar nei de iene as oare frjemde muoike neame soene. Sybrandsje, of in oare freeslike namme. En se troppen my samar by in frjemd famke op bêd.

‘Wanneer komt se? Afke?’

‘Jûn,’ sei mem. ‘As it tsjuster is hellet Dineke har op.’

‘Wêrwei? Wat wit en docht ús Dineke eins allegearre?’

‘Dat binne no twa fan dy fêst wol tûzen dingen, dy’t wy net freegje meie.’ Mem wappere in skjin lekken út

oer myn bêd en troppe it mei fûle halen ûnder de matras.
‘Bist klear mei de kast? Meitsje do dan it bêd fierder op.
Ik moat nedich mei it iten te set.’

Ik strûpte in sloop om in kessen. Se sil wol swart wêze,
lyk as ik en lyk as mem. Evy har broer hie oars read hier.
Joaden binne net allegearre swart. Sit Evy wol yn Poa-
len? As dit famke by ús komt, dan kin Evy ek wol . . .

Ik koe de kop net by de Frânske thema hâlde. Mem
pjukte op myn hoazzen om.

Alwer in gat op ’e hakke en nije hoazzen bestiene net.
Heit helle branderich stjonkende reek út syn pipe. Jan
tekene. Wy sieten om ’e grutte tafel, de lampe brocht de
waarme kleuren fan it pluche tafelkleed oan it ljocht.
Dineke wie fuort. Ik hie it gefoel, dat wy net smûk thûs
sieten, mar yn in stationswachtkeamer, op ’e sprong om
op reis mei ûnbekende bestimming.

‘t Is bewolke,’ hie heit sein, nei’t er Dineke útlitten hie.

‘t Soe goed nacht wêze. Der brânde bûtendoar net ien
lantearne, al jierren net. Ut de huzen skynde ek gjin
ljocht. Alle minsken diene, krekt as wy, zwarte papieren
fertsjusteringsgerdinien foar de glêzen as de lampe op
kaam. Gjin strieltsje ljocht mocht nei bûten skine, oars
kaam de plysje en krigest preses.

‘Op bêd, Jan,’ sei heit ynienen. Jan joech gjin asem,
tekene gewoan troch en heit makke der fierder ek gjin
wurk fan.

‘Se sille sa wol komme,’ sei mem.

Jan hâlde syn tekening omheech. In hynder mei in te
lange hals en skilige eagen. Mem hinge myn hoazzen oer
it bekling fan de stoel. De Frânske sinnen dûnsen hop-
lakee oer de bledside, sadat ik der neat mei wurde koe.

‘Dêr binne se,’ sei Jan.

Mem sprong suver nei de keukensdoar.

‘Eh nee, mem. De Tommies, bedoel ik.’ Jan lake.

Yn ’e fierte hearden wy it betroude ientoanige gedroan
fan fleanmasjines.

De RAF ûnderweis mei bommen nei Dútsklân.

‘As ’t mar gjin loftalarm wurdt,’ murk heit kjel op.

It droanen helle noch wat oan, in dof, weagjend gûnzjen. Wy harken oft se dit út komme soene. Heit gie derút, mar efkes letter wie er der al wer. ‘Se geane noardlik lâns.’

Doe ynienen wie Dineke der mei in famke oan de hân.
Dy is gjin njoggen, tocht ik daliks, sâن miskien.

‘Dit is Anneke,’ sei Dineke.

Efkес bleau it stil. Ik wurd sa âld net, dat ik dat byld ferjit: in rank, swart dinkje, yn elke earm in pop, in rêchsekje op it rechje, brune eagen dy’t wach streken troch de frjemde keamer, oer de frjemde minsken. Doe sloech mem har in earm om ’e skouders: ‘Kom mar, hear, Anneke.’

Se hoecht gjin Afke te hjitten, tocht ik bliid, mar wy sitte it bern al nuver oan te stoarjen. Heit fernaam dat blykber ek. ‘Kom hjir ris en lit my dy ris goed besjen,’ sei er. ‘Do bist ús nije dochter. Besjoch do ús ek mar ris goed.’ Heit knope har it jaske los en luts har de mûtse ôf. Wa hie yn ’e goede om dizze tiid fan it jier al sa’n waarme mûtse op en sa’n grou jaske oan, tocht ik.

‘Lis de poppen mar op ’e tafel, dan kin de jas út,’ sei heit. Mei in gebeart fan tsjinsin lei se de poppen del en pakte se daliks wer op, sagau’t se de jas út hie.

‘Ast noris efkes by my op ’e knibbel komste,’ sei heit, ‘dan sil ik dy ris fertelle, wa’t wy allegearre binne. Goed?’

Anneke knikte en liet har optille. De poppen bongelen elk oan in kant tsjin har blauwe breidene jurkje. De iene pop hie krekt sa’n jurkje oan as Anneke. It wie in pop mei ljochte kroltsjes om in pesleinen kopke mei blauwe sliepeagen. De oare wie in giel mei read blokte harlekyn. Heit heistere yn de stoel om om Anneke en de poppen wat kreas teplak te krijen op ’e knibbel.

‘Meist de poppen wol wer op ’e tafel lizze,’ sei er. Mar Anneke druke se namste stiver tsjin har oan.

‘Wolst se net kwyt?’ frege heit.

Anneke die foar it earst har bekje iepen. ‘Dêr haw ik sa’n treast oan,’ sei se. Ik klonk komyk út de mûle fan sa’n lytse protter, mar net ien lake.

‘Dineke kenst al,’ sei heit. ‘En dy dêr mei de brune eagen en like swart hier as do, dat is Klaske. En dy jonge, dat is Jan. Silst mar omke en muoike tsjin ús sizze? Wol, dat is dan muoike Jikke en ik bin omke Harm. Kinst dat ûnthalde?’

Anneke seach ús ien foar ien oan as woe se troch ús hinne sjen en knikte.

‘Meist wol sûkelademolke, Anneke?’ frege mem.

‘Jawol,’ sei se.

‘Wy ek!’ rôp Jan. Sûkelademolke! Mem hie in bus sûkeladepoeier hamstere en allinne op feestdagen krigen wy der wat fan.

‘Seis sûkelademolke!’ sei mem en gie nei de keuken.

Anneke flûstere heit wat yn it ear.

‘Fansels, protter. Kom mar gau mei. Moatte de poppen ek mei?’

Heit en Anneke ferdwûnen nei de bykeuken. ‘Se moat nei ’t hûske’, flûstere Jan.

‘Krekt as do en ik en elkenien,’ murk Dineke op. ‘ ’t Bern is sa wurch en slûch as wat. ’t Falt ek net ta. ’t Is har fjirde adres al.’

‘Adres?’ frege Jan.

‘Ja, it fjirde plak, dêr’t se ûnderdûkt. Dat neame se ‘in adres.’

‘En har heit en mem?’ woe ik no wol witte as it teminsten net ien fan de hûndert ferbeane fragen wie.

‘Dy binne ek ûnderdûkt. Freegje my net wêre, want dat wit ik fansels net.’

‘Wit Anneke it ek net?’

‘Nee, dat mei se perfoarst net witte, likemin as har heit en mem witte meie wêr’t Anneke is.’

‘Raar,’ fûtere Jan. ‘Rotmoffen.’

‘Hjit se echt Anneke?’ frege ik.

‘Wit ik net,’ andere Dineke.

Heit en Anneke kamen der wer yn, folge fan mem mei seis sûkelademolke.

‘Tankewol, mefrou,’ sei Anneke doe’t mem de kop foar har delsette.

‘Dat is net mefrou,’ sei heit.

‘O nee. Tante Jikke.’ Anneke lei de harlekyn njonken de kop sûkelade del. Sagau’t se it drinken op hie, kaam er wer yn har earm te hingjen, kop mei puntmûtse der boppe út, slappe pierlalaskonken der ûnder út. Treast.

‘No moatst earst mar ris op bêd, Anneke,’ sei mem. ‘Do sliepst by har, by Klaske. Sit hjir dyn nachtpon yn?’ Mem krige it rêchsekje op, dat tsjin it glêzekastke oan hinge. Anneke knikte en liet har fan heit syn knibbel ôf glydzje. ‘Komst ek daliks, Klas?’ frege mem. ‘Kom mar, Anneke.’

Sagau’t se de keamer út wiene, sei ik: ‘Se liket op mem en op my.’

It bleau efkes stil. Jan pakte syn papierboel op en ferdwûn nei boppe.

‘Wat seisto dêr niis?’ frege Dineke. ‘Sis dat nochris.’

‘Ik sei: Se liket op mem en op my.’

‘Ik ha’t,’ rôp Dineke. ‘Tankewol.’

‘Hoe komsto sa netsjes tsjin my? En wat hast?’

‘Dat fertel ik dy letter wol. Miskien. Earst sjen oft it kin.’ Orakeltaal.

Ik kaam op myn keammerke en seach Anneke rjochtop op bêd sitten yn in ljochtblau pontsje mei reade roaskes. Se hie moaie klean. De poppen leine op it fierste kessen, dat oan de kant fan de muorre, en de ynhâld fan it rêchsekje lei fersille oer de boppetekken. Mem en Anneke klauden tegearre om yn broekjes, himdsjes, jurkjes, bloeskes, rokjes, sokjes, skuon.

‘Myn brune sandalen binne fuort,’ rôp Anneke lulk en mei fûle eagen. ‘Dy sil Clara wol ynpikt hawwe. En ôôôh, myn rôse bloeske is der ek net. Ja, dat sil Henny nét stellen hawwe!’ Se hie no in reade kleur en har eagen spatten der hast út.

‘Hoho!’ sei mem. ‘Dat meist samar net sizze, lytse flarde.’

‘O ja! Dy stelle alles, ek de trein fan Joast.’

‘Wêr hast it oer. Wêr wiene dy bern dan?’ frege mem.

‘By de tantes. Dy hiene wol acht joadske bern yn ’e hûs en noch in pear oare.’ Anneke rattele mar troch oer Clara en Henny en Job en Kees en Joast. Se smiet de klean om en helle in read hierlint foar it ljocht. ‘Wêr is myn blauwe? O, dêre.’

‘Kinst ek wat kalmer,’ sei mem sêft. Se sloech de earms om Anneke hinne en koeze har. ‘Lytse pop. Wy sille goed op dy passe.’ Mem hie triennen yn ’e eagen. Ik koe ek wol gûle, dat ik begûn mar oarder te skeppen yn de kleanboel.

‘Moat ik gau wer fuort?’ frege Anneke.

‘Nee, wis net. Do bliuwst no by ús,’ sei mem. Anneke siet ynienen hiel stil tsjin mem oan. Ik tearde har guod op en lei it yn ’e kast. Dêr skeat Anneke wer los út mem har earms. ‘En se pakten my ek pakjes ôf, dy’t ik fan heit en mem krige, mei koekjes en poppeklean.’

Ik klaaide my út, die de piama oan en kroep únder de tekkens. ‘Komst?’ Anneke skode njonken my teplak en skikte oan elke kant fan har holle in pop. Dêr leine wy fjouwerisom. Mem joech ús in nachttút en sette ôf.

Anneke hie gjin sliepen yn ’t sin. Mei in heech, boas stimke stoarte se ferhalen oer my út fan de tantes en in tante en in omke, fan allerhanne bern tsjin wa’t se blykber net op kind hie; dizze stiel en dy sloech en in oaren knypte en lytse Joast wie in skatsje. Wie Joast ek al by syn heit en mem wei? O ja, allang. Hie Anneke ek broerkes en suskes? Nee.

Ik soe witte wolle hoe’t se by har heit en mem weirekke wie. Hoe giet soks? It like my alhiel mis om dêr op dit stuit oer te beginnen. ’t Wie miskien wol âlve ûre. Ik hearde mem yn de keuken omratteljen mei de kopkeboel, de wyn hoarte in kearmannich oan it rût as woe er deryn, efkes gûnze der in fleanmasjine, ien, in Mof. Anneke

fernaam ik net mear. Ik tilde foarsichtich de holle op en seach nei rjochts. Se slipte tusken har treasters yn. Hear, jou, dat se by ús bliuwe kin. Dat se net fûn wurdt. Dat wy net... Ja, wat koe ús oerkomme?

III

‘Goeie, mem! Anneke!’

‘Toe, sleauwe, smyt dyn tas dêr net del. Aanst strofleter der ien oer,’ fûtere mem. ‘Thee, Klas?’

‘Ik mei dy blomkethée net. Hat mem ek súpe? En wat hat mem in reade kleur en wat sjocht mem nuver. Is der wat?’

Mem en Anneke seagen elkoar oan. Anneke lake, mem knypeage. Mem seach der út as hie se wat ferkeards dien.

‘No?’ trune ik mem oan.

‘No ja. Muoike Afke kaam op besite. Se moast nei it distribúsjekantoar en tocht . . .’

‘Ja, dat leau ik wol, mar wat . . .’

‘De skille gie, ik seach troch it rútsje wa’t . . .’

‘Muoike Afke, ja.’

‘Ik gau nei Anneke. Hurd! Nei Jan syn keammerke, sei ik. Se die it daliks. Fiks, hear, Anneke.’ Anneke geurde. ‘En doe ik nei de doar. Hea, Afke! No ju, kom deryn, gesellich. Wêr sietst? frege se. Se hie al twakear skille. Ik sei: Ik wie yn de bykeuken om de wask yn ’e weak te setten. Op freed? sei Afke. Hawar, ’t is allegearre bêst beteard. Nei in oere sette se wer ôf.’

‘Hasto al dy tiid mûsstil sitten, Anneke?’ frege ik ferwûndere.

‘Ja. Dat moosten wy by de tantes ek wol en dan knypte Job ús en wy mochten dochs gjin lûd jaan. Sa’n gemienerd, dy Job.’

‘Hoe wist se daliks, dat se út ’e wei moast?’ frege ik.

‘Dat hawwe wy al in pear dagen rippetteard, Anneke en ik,’ sei mem eigenwiis.

‘Elke moarn as jimme de doar út binne in kear. Op Jan syn keamer lizze boekjes, papier en potleaden foar har klear.’

‘Ik ha in hiel boekje útlêzen,’ sei Anneke.

‘Do bist in grutte faam,’ priizge mem, ‘ik ha dy net ien kear heard.’

‘Dat hie ek net bêst west,’ sei ik. ‘Ik hear muoike Afke al: Oe, Jikke, wat is dat? En wat hie mem dan sein?’

‘De kat, Afke,’ spile mem, daliks yn de rol. Anneke lake lûdop en miauke.

It muoide my likegoed om it lytse ding. Hoe fielt dat, as oare minsken dy net sjen meie, as hiest luzen, of de skurft, as stjonkste.

Mem krige de doomnyshoutsjes en begûn in spultsje mei Anneke. Oars die mem altyd in potsje mei Jan, as er út skoalle kaam, dat doe’t hy deryn kaam ferwûndere it my net, dat er rôp: ‘Mem bedjert har.’ Mar der siet by Jan noch mear efter. Lûd en neidruklik sei er: ‘Karst frege, oft er moarn by ús komme mei te boartsjen.’

Mem skrille op fan it spultsje. ‘Moarn? Nee, eh . . .’

Jan seach as in ûle. ‘Ik kin dochs net tsjin de jonges sizze: Jimme meie noait en noait wer by ús komme? Wat mient mem wol.’

Anneke seach benaud nei Jan. Se hie ynienen wer dy grutte skrikeagen yn it smelle wite snûtsje fan dy earste jûn. Mem wie der mei oan, sa te sjen.

‘Ik . . .’ begûn se. ‘Wy moatte der wat op fine.’ Se sette Anneke yn heit syn stoel en gie nei de keuken. Efter Anneke har rêch betsuttse se Jan, dat er him stilhâlde moast. Anneke pjukte de knoopkes fan de pop har jurkje los en nifele se ek wer fêst. It muoide my om har en ik hie te dwaan mei Jan. En mei mysels, want hoe koe ik Jopy en Hinke hjir altyd mar wei keare? Se kamen hjir, ik kaam by harren thûs, dat wie de hiele legerescoalletiid sa gien en letter op de mulo kaam dêr gjin feroaring yn.

Wy skrillen alle trije op fan it klappen fan de hoksdoar. Ik seach ynienen, dat Anneke justjes trille. It wie Dineke.

‘Hoe is ’t, Anneke?’ frege se.

‘Wy binne der ek,’ snaude Jan.

‘O, goeie Klaske, goeie Jan. Is der wat? Jimme sjogge sa feralterearre.’

‘Der is neat. Muoike Afke hat west, mar se hat Anneke net fernommen,’ fertelde ik. ‘Boppedat hat Jan it smoar yn, omt Karst hjirhinne wol moarn en omt dat net kin.’ Anneke seach skou nei ús. Ja bern, gewoan is ’t net, tocht ik.

Doe’t Anneke dy jûns op bêd wie, kaam Dineke mei nijs. ‘Ik ha wat útfûn. Klaske sei, dat Anneke op har en op mem liket. Dat is sa. As se sa by jimme sit, docht se hiendal net as frjemd oan. Se koe der wol gewoan by hearre. By in hússiking troch Dútskers of ferkearde plysje . . .’

‘Hâld op, ju,’ fûtere mem.

‘Nee, dêr moatte wy gewoan rekken mei hâlde, der klear op wêze,’ sei heit. ‘Gean fierder, Dineke.’

‘Wy stopje har efter it beskot op de oerloop, dêr’t heit it koper ek ferstoppe hat,’ betocht Jan.

‘Hoe witsto dat?’ frege heit strang.

‘Sjoen,’ andere Jan.

‘Hm. Ast dy mar stilhâldste. Fierder, Dineke.’

‘By in hússiking falt it net daliks op, dat Anneke frjemd, joadsk sis mar, is. Dat treft sa moai as ’t mar kin. Mar dan moat Anneke ek byskreaun wurde yn heit en mem har trouboekje as fijerde bern.’

‘Dat kin samar net!’ protestearre mem. ‘Dat is valsheid in geschrifte!’

‘Dan mar valsheid in geschrifte,’ sei Dineke fûl. ‘As it helpt om Anneke hjir te hâlden en as it feiliger foar ús is, dan dat mar.’

Mem seach swart. ‘Lige,’ sei se ynienen. ‘Lige tsjin muoike Afke, lige tsjin pake en beppe, lige yn it trouboekje.’

‘It leit mem oars wol,’ murk ik op. ‘Mei muoike Afkie it mem mar handich ôf. Mem wie der grutsk op.’